

Nije enerzjy foar Fryslân
Koälysje-akkoart 2011-2015

PvdA, CDA en FNP

ûns dreamen no,

ûns skiednis skiedt

Nije enerzjy foar Fryslân

Jins dreamen no, jins skiednis skielk

Koälysje-akkoart 2011-2015

PvdA, CDA en FNP



Ynhâldsopjefte

Jins dreamen no, jins skiednis skielk 4

Nije enerzjy foar de leefomjouwing 7

De moaiste provinsje fan Nederlân	7
Demografyske feroarings (krimp)	7
Kwaliteit fan wenten en omjouwing	8
Romtlike kwaliteit	9
Wetter	9
Sâltwinnen	10
Opslach en winnen fan mineralen	10
It Fryske haadweinetwurk	10
Sintrale As	10
Gebietsûntwikkeling	10
Iepenbier ferfier	11
Spoarline It Hearrenfean - Grins	11
Transport oer wetter	11
Ferkearsfeiligens	12
De digitale snelwei	12
Natuer en lânskip	12
Lânbou	13
Miljeu	13
Duorsume enerzjy	14

Nije enerzjy foar de ynwenners 16

It sosjaal domein en soarch	16
Jeugdsoarch	17
Sport	17
Taal en kultuer as kearntaak	18
Taal	18
Kultuer	18



Nije enerzjy foar de ekonomy	20
Stimulearjen fan ynnovaasje op ús sterke punten	20
Duorsume groei	21
Midden- en lytsbedriuw	21
Ekonomyske fersterking fan gebieten	21
Rekreaasje en toerisme	22
Europa	22
Bedriuweterreinen	22
Underwiis	22
Promoasje fan Fryslân	23
Nije enerzjy foar it iepenbier bestjoer	24
Provinsjale taken	24
Bestjoersakkoart	25
Gearwurkingsferbân Noard-Nederlân	25
Gearwurkingsaginda's	25
Kosten fan bestjoer en organisaasje	25
Bestjoerskrêft	26
De provinsjale wurkwize	26
De provinsjale organisaasje	27
De koöperaasje	27
Nije enerzjy mei minder jild	28
Ynvestearje mei ús fermogen	28
De needsaak om te besunigjen	28
Utgongspunten foar ús finansjeel belied	29
Opsinten	29
It subsydzjebelied	30
It lân it lân	31



Jins dreamen no, jins skiednis skielk

Op 'e gevel fan ús fernijde provinsjehûs stiet dy prachtige dichtrigel fan Tsjêbbe Hettinga. As it provinsjehûs ein dit jier yn gebrûk naam wurdt, sil dat in nije faze oankundigje. Dat jildt no al foar de nije bestjoersperioade. Dêrom brûke wy foar ús koälysje-akkoart 2011-2015 deselde wurden, dy't oproppe ta besinning.

Us dreamen sille yn 'e kommende fjouwer jier yn realiteit omset wurde moatte. De skiednis sil beoardielje oft wy yn dy opset slagge binne.

Wy litte ús troch dreamen ynspirearje om Fryslân en syn ynwenners te tsjinjen. Dêrby sille hieltiten wer ôfwagings makke wurde moatte tusken dream en werklikheid. Yn 2015 sille wy ferantwurdig oer dy karren ôflizze oan de kiezer. Om dat dwaan te kinnen sille wy by alles wat wy dogge helder meitsje (kinne) wat de relaasje is tusken de doelen dy't wy ússels stelle en itjinge dat wy dogge. Dêrby past in heldere opsomming fan ús beliedsdoelen, ferwurde yn in útfieringsakkoart dat wy de kommende moannen meitsje sille. De resultaten foar 2015 dy't yn dit koälysje-akkoart formulearre wurde, binne dêrta in earste oantrún.

Fryslân is in selsbewuste provinsje dy't har ynwenners, bedriuwen en ynstânsjes in duorsume takomst biedt. Fryslân soarget foar nije enerzjy, dy't nedich is foar in sûne takomst foar de Fryske Mienskip. By alle ynvestearrings yn ekonomy, maatskippij en wolfeart stiet de sûne takomst foaroan. Duorsumens is gjin stribjen, mar in ferplichting. Nei ússels, nei ús bern en nei de wrâld om ús hinne. Wy moatte derfoar soargje dat Fryslân de moaiste provinsje bliuwt om yn te wenjen, wurkjen, rekreëarjen en studearjen. Dat wolle wy dwaan mei de Fryske befolking, bedriuwen, oerheden en ynstânsjes.

Wy libje yn in turbulente tiid. De gefolgen fan 'e resesje fan 2009 binne noch net efter de rêge. Soks is bygelyks te fermimmen yn it bedriuwslibben en yn 'e wenningmerk. De resesje hat it besinnen op oerheidstaken fersterke en laat ta ryksbesunigings fan 18 miljard euro. Dy eftergrûn makket foar in part de mooglikheden fan 'e nije koälysje út.

Tagelyk ha wy de ôfrûne jierren sjoen dat it provinsjaal belied dat yn 2007 ynset is, in krisis ferneare koe. In fûnemintele bystelling fan it koälysje-akkoart wie net nedich. De measte doelen dy't yn 2007 opsteld binne, binne helle. Yn 'e foarrige koälysjeperioade is de provinsje Fryslân finansjeel sûn bleaun. Ek wat belied oangiet, is der in solide basis lein foar de nije koälysjeperioade.

Dy oanpak jout ús foar de kommende jierren alle betrouwen dat Fryslân trochfarre kin op in eigen, sterke koers. Dêr't wy realistyske doelen yn stelle kinne, dy't passe by de gedachte om Fryslân nije enerzjy te jaan. Dêr't 2015 in wichtige tuskenstap yn is op paad nei in duorsume takomst.

By it belied foar de takomst is de notiid it punt fan ôfreizgjen. De Fryske taal is in belangrike kulturele drager fan ús provinsje. Dy taal en kultuer, mar ek it lânskip en de sosjale ferbannen moatte wy lykas yn 't ferline koesterje en ûntwikkelje.

De provinsje hat in logyske rol yn 'e Fryske maatskippij. De provinsje rjochtet har benammen op romtlike oardering en ekonomy en op taal en kultuer. Dat binne taken dy't passe yn 'e lanlike ôfspraken oer de posysje fan 'e provinsje.

Yn 2015 wol de provinsje de Fryske maatskippij op dy mêden fersterke ha. Der ha dan ympulzen west om it bedriuwslibben te ferbreedzjen mei bygelyks in kluster fan wettertechnologybedriuwen. Wy ha dan it opwekken fan skjinne enerzjy sa breed mooglik stimulearre. Wy binne trou bleaun oan ús grutskens op it Fryske lânskip. Wy ha de Fryske taal en kultuer ekstra fûnemint jûn. It perspektyf foar Fryslân as in provinsje dêr't it by útstek moai wenjen en wurkjen is, is yn 2015 ferstevige. Wy biede ús ynwenners en ús bern dan in takomst dy't gâns wat ûnthjit.

De fokus op dy mêden fergruttet de slachkrêft fan 'e provinsje. Mei de oare oerheden sjogge wy hoe't de Fryske maatskippij op 'e oare mêden te fersterkjen is. Gemeenten krije dêrby in mear logyske en stevige rol yn it sosjaal domein. Troch as oerheden mei-inoar op te arbeidzjen, foarkomme wy foar de Fryske Mienskip dûbeld wurk en wite plakken yn it oerheidsbelied.

Wy ha as provinsje Fryslân ús finsters iepen nei de wrâld. De globalisearing nimt allegeduerigen ta. Ynternasjonale belutsenens en each foar de wrâld om ús hinne binne fan eminint belang. Wy moatte aktyf oan 'e slach om fan Fryslân de earste millenniumprovinsje te meitsjen. Wy kinne oare lannen bystean mei ús kennis fan bygelyks wettertechnology, meartaligens, lânbou en natuer. Wy sette troch mei it gearwurkjen mei oare Europeeske regio's, troch lobbyaktiviteiten, mar ek troch mei te tinken mei 'Brussel' (bygelyks oer it útfieren fan 'e digitale agenda).

Wy sette yn op in maatskippij dêr't de ynwenners fan Fryslân harsels yn wêze kinne. In útgongspunt dêrfoar is in sterke ekonomy, want wa't in baan hat, hat de bêste garânsje om knap partisipearje te kinnen yn 'e maatskippij. Mar ek ynvestearjen yn ûnderwiis en ûntwikkeling helpt ús as ynwenners fan Fryslân om ferantwurdlikheid te nimmen. Ynvestearje moatte wy sa bot mooglik oan 'e foarkant dwaan, net neitiid as reparaasje. Soks betsjut dat de provinsje ynset op:

- In provinsjaal netwurk fan foarsjennings (ûnderwiis, kultuer, soarch, sport en wolwêzen) dy't de leefberens en de mienskipssin befoarderje.
- It jaan fan romte oan boargers en organisaasjes om inisjativen ûntwikkelje te kinnen. Betrouwen as kaaiwurd. Mei-inoar.
- Duorsumens as liedend prinsipe yn al it provinsjaal hanneljen, mar ek op spesifike ynvestearrings yn duorsume ynnovaasjes, bygelyks op it stik fan enerzjy.
- Yntegraliteit yn 'e wize dêr't wy belied op meitsje en op útfiere, en yn it belied sels.
- In Fryske ekonomy dy't stevich stiet. Ynsette op ekonomyske struktuerfersterking, fan bettere berikberens oant it ynsetten fan digitale helpmiddels.
- Goede oansluting tusken ûnderwiis en arbeidsmerk. Mei jins diploma meitelle en meidwaan kinne.

De 'stip oan 'e hoarizon' dy't wy yn dit akkoart oantsjutte, wolle wy graach yn 'e mande mei boargers en organisaasjes yn Fryslân fergrutsje en ferskerpje. Yn 'e oankommende kolleezjeperioade organisearje wy byienkomsten dêr't wy de tinkkrêft, analyzes en winsken fan 'e Fryske maatskippij yn fertale wolle yn in winkend perspektyf foar hiel Fryslân. Jo kinne meitinke en meidwaan.

1

Nije enerzjy foar de leefomjouwing

De moaiste provinsje fan Nederlân

Yn 2010 is Fryslân keazen ta moaiste provinsje fan Nederlân. Wy binne grutsk op dy titel. It is in beleaning foar alle ynwenners fan Fryslân. Mei ús allen ha wy Fryslân moai holden, wylst wy tagelyk soarge ha foar ekonomyske foarútgong. Fansels wolle wy de titel hâlde. Om't de provinsje dé bestjoerslaach is dy't ferantwurdlik is foar it ynrjochtsjen fan 'e romte, ha wy dêrta ek de mooglikheid en de opdracht.

Resultaat yn 2015: Fryslân is noch altiten de moaiste provinsje fan Nederlân.

Demografyske feroarings (krimp)

De befolking yn parten fan it Fryske plattelân nimt de kommende jierren ôf en krijt in oare gearstalling: mear âlderein en minder persoanen it húshâlden. Soks hat gefolgen foar de leefberens en tsjinstferliening. It giet om mear as poer (lokaal) lytser wurden fan de befolking; it giet om in yngripende demografyske feroaring. Dy demografyske feroaring freget om maatwurk, yn oparbeidzjen mei bewenners, gemeenten, midden- en lytsbedriuw, wenningkorporaasjes en oare belutsenen. Wy wolle as regionale regisseur dêr ús ferantwurdlikheid yn nimme, altyd yn oerlis mei oaren. Wy sille de kommende perioade krimpbelied formulearje en in 'menukaart' oanbiede fan mooglike bydragen oan it omgean mei de demografyske feroaring. Op fernijende en kreative wize wolle wy foarsjennings behâlde en fernije. Soks kin bygelyks fia de Digitale Aginda mei digitale helpmiddels. Wy stelle de berikberens fan foarsjennings sintraal. Dat is in krúsjale faktor by it omgean mei krimp. Dêrfoar sille wy yn oerlis mei gemeenten en mei de lju út 'e doarpen op 'e syk nei tûke ferfiersoplossings op it plattelân (sjoch ek ûnder it tema Iepenbier ferfier).

De Noardlike Rekkenkeamer likegoed as de lanlike Rekkenkeamer ha resint guon krityske nuten kreake oer it provinsjaal plattelânsbelied. Wy ha ús dêrmei op 'e hichte brocht en hâlde yn ús belied rekken mei de oanbefellings fan 'e Rekkenkeamers.

Resultaat yn 2015: Op fernijende en kreative wize is it foarsjenningsnivo op it plattelân fersekere, gebrûk meitsjend fan digitale ûntwikkelings.

Kwaliteit fan wenten en omjouwing

By it oanpakken fan krimp is (behâld fan) de kwaliteit fan de omjouwing wichtich. Leechstân en fertutearzjen drage by oan 'e krimp. Dêrom wolle wy de steds- en doarpsfernijing op 'e nij útfine. Yn gearwurking mei gemeenten pakke wy de kwaliteit fan 'e boude omjouwing op. Sa wolle wy ús regisseursrol oangeande de omfang fan wenningbou útwreidzje nei mear oandacht foar de kwaliteit dêrfan. Om't ek yn Fryslân it tal senioaren tanimt, sille wy krêftich it saneamde libbensrinbestindich of leeftydsbewust bouwen stimulearje. By húsfersting foar âlderein sil de relaasje mei soarch- en wolwêzenfoarsjennings in wichtich punt fan omtinken wêze. Wy stribje ek nei it bouwen fan fleksibele mantelsoarchwenten. Der sil in transformaasje en ferbettering fan 'e besteande wenningfoarried nedich wêze, wêrby't maatwurk yn 'e (takomstige) wenningfoarried fereaske is, ek mei spesjaal omtinken foar de tagong fan jongerein ta de wenningmerk. Wy sille dêr yn 'e wenningbouôfspraken mei gemeenten mear it aksint op lizze. Wy sille ek trochgean mei ús sterk te meitsjen foar duorsume wenningbou (ûnder oaren fia it 100.000-wententplan).

De transformaasje en ferbettering fan de besteande wenningfoarried is ek in spearpunt fan it provinsjaal yntegraal fernijingsbelied foar stêden (ISV). De ISV-middels dy't it Ryk frijjout sille fan 2014 ôf hielendal fuortfalle. Mei yn it ljocht fan 'e demografyske ûntjouwings en it belang dat wy hechtsje oan 'e kwaliteit fan 'e wenningfoarried sille wy fan dat stuit ôf de ISV-ynvestearingsympuls net allinne fuortsette, mar sels fersterkje. Wy sille yn oparbeidzjen mei wenningkorporaasjes en gemeenten ynvestearje yn it werstrukturearjen fan besteande wenten (enerzjy-sunich meitsjen en opknappen).

De wenningkorporaasjes yn 'e trije noardlike provinsjes binne altyd ticht by it ferfoljen fan har maatskiplike opjeften bleaun. It Ryk driget om alleorporaasjes ôf te rekkenjen op aktiviteiten dy't fier fan dy maatskiplike opjeften stiene. Om ús wenningkorporaasjes yn steat te stellen om ek harren rol by it omfoarmjen fan de wenningfoarried te ferfoljen, sille wy har stypje as der yn noardlik ferbân by it Ryk pleite wurdt foar in noardlike proeftún.

Resultaat in 2015: Der binne fikse stappen set yn it ferbetterjen en ferduorsumjen fan 'e besteande wenningfoarried.

Romtlke kwaliteit

Us omtinken foar de kwaliteit fan 'e leefomjouwing past by ús algemienere foar-nimmen om ús hieltyd wer op te stellen as ferdigener fan de romtlke kwaliteit fan Fryslân. Wy kieze foar romtlke kwaliteit dy't past by it aard, de skaal en it karakter fan ús provinsje. Op dat mêd kin it noch better. Hieltiten mear karakteristike gebouwen (wenten, tsjerken, pleatsen ensfh.) komme sûnder maatregels leech te stean en ha al mar mear te krijen mei efterstallich ûnderhâld. Soks hinget net allinne gear mei it ferminderjen fan 'e fraach nei wenten en bedriuwlokaasjes, mar ek mei ûntjouwings lykas ûnttsjerkliking, skaalfergrutting en mear fan soks. Wy sille restauraasje en ynnovatyf op 'e nij brûken fan karakteristike gebouwen stimulearje.

Ek yn 't ljocht fan ús soarch om de kwaliteit fan 'e Fryske romte sille wy, neist it Ryk, ynvestearje yn it werstrukturearjen en ferduorsumjen fan bedriuweterreinen, om dy sa in kwaliteitsympuls te jaan. Sokke ynvestearings keppelje wy oan planologyske maatregels om lyktidige oerstallige nije oanlis foar te kommen, fêstlein yn bygelyks ôfspraken yn in streekaginda.

Resultaat yn 2015: It fertutearzjen fan karakteristike gebouwen en bedriuweterreinen is opkeard.

Wetter

Yn ús wetterbelied soargje wy der, yn oparbeidzjen mei it Wetterskip, foar dat Fryslân genôch, skjin en feilich wetter ta syn foldwaan hat. De kommende jierren komme der op it stik fan wetter grutte taken op ús ôf. Dy wolle wy op in duorsume wize oplosse. Dêr binne grutte ynvestearings foar nedich, sawol foar de koarte as foar de lange termyn. It giet dan om ynvestearings op it mêd fan feiligens tsjin oerstreamings, foar in knappe swietwetterfoarsjenning, om wetteroerlêst foar te kommen, foar it wetterbehear fan de stêden en de wetterkeatling en foar it ferbetterjen fan 'e wetterkwaliteit, konform de Europeeske Ramtrjochtline Wetter. Wy sjogge it útfieren fan it Frysk bestjoersakkoart wetterkeatling dêrby as in wichtich útgongs- en spearpunt.

In oar belangryk spearpunt is it Deltaprogramma, it nasjonaal programma dêr't it Ryk, de provinsjes, de gemeenten en de wetterskippen yn gearwurkje foar de feiligens tsjin oerstreamings en de swietwetterfoarsjenning.

De wetterpeilen ha yn Fryslân altiten basearre west op de funksjes yn in gebiet. Wy meitsje in sekuere ôfwaging fan de ûnderskate belangen, lykas (agraryske) bedriuwsfiering, wenjen, natuer, ynfrastuktuer. Omreden fan saken as grûnsoart en dikte fan it feanpakket is der ferlet fan maatwurk. As dat kin, ferheegje wy de peilen yn it feangreidegebiet. Yn alle gefallen ferleegje wy dy net fierder as needsaaklik is troch ynklinken. Wy sille trochpakke by it ta stân bringen fan in yntegrale takomstfyzje oer de ynrjochting fan it Feangreidegebiet.

De provinsje stiet noed foar foldwaande gemaalkapasiteit foar de feiligens en de natuerwearden. It is dêrby steand belied om út te gean fan de folchoarder: fêsthâlde, bergje, ôffiere. Dêr wêr't wetter ôffierd wurde moat, is ôfpraat dat der in nij gemaal komt yn Lauwerseach. Wy gean derfan út dat it Ryk en de wetterskippen Fryslân en Noorderzjilvest noed stean foar de kosten dêrfan en dat hja it gemaal yn 1015 realisearre ha.

Resultaat yn 2015: Fryslân beskikt ek yn 2015 oer genôch, skjin en feilich wetter.

Sâltwinnen

It sâltwinnen ûnder lân smyt swierrichheden foar Fryslân op. Troch sâltwinnen ûnder it lân sakket de boaiem en dat hat hege maatskiplike kosten fan gefolgen. It jout ûnwissichheid by ynwenners en bedriuwen. In Miljeurapportazje dy't resint útfierd is, smiet op dat sâltwinnen ûnder it Waad in miljeufreonliker opsje is, troch de fearkrêft fan dat Waad. Wy sille dêrom ynsette op sâltwinnen ûnder it Waad yn stee fan ûnder it lân.

Resultaat yn 2015: Sâltwinnen ûnder it lân is ferfongen troch sâltwinnen ûnder see.

Opslach en winnen fan mineralen

As wy yn 'e takomst it winnen fan nije mineralen op oanstean fan it Ryk net út 'e wei gean kinne, ferwachtsje wy dêr kompensaasje foar. Wy wize it opslaan fan kearnôffal en CO2 yn 'e Fryske boaiem ôf.

It Frysk haadweinetwurk

Yn 'e ôfrûne jierren binne der besluten naam oer projekten om de Fryske haadynfrastruktuer te kompleetearjen. It giet dan ûnder oaren om 'e Heak om Ljouwert, ferdûbeling fan de N31 troch Harns, de rotonde by De Jouwer, de N381 en de Sintrale As. As dy projekten dien makke binne, is de Fryske haadweinstruktuer op oarder brocht. Dêrom rjochtsje wy ús de kommende jierren net mear op grutskalige wegenprojekten, mar op ferkearsfeiligens, duorsumens, lânskiplik ynpassen fan ynfrastruktuer, iepenbier ferfier en in ekstra ympuls foar it wen-wurkferkear. By it ynpassen fan ynfrastruktuer jouwe wy omtinken oan gefolgen foar ekology en it wolwêzen fan bisten. Fryslân nimt syn ferantwurdlikheid foar it 100.000-motorreauwenplan.

Resultaat yn 2015: De plende yninfrastruktuerwurken binne folop yn útfiering.

Sintrale As

It oanlizzen fan 'e Sintrale As op himsels is wat ús oangiet gjin punt fan diskusje. De besluten dy't datoangeande naam binne, beskôgje wy as in gegeven. As parten fan 'e As yn útspraken fan 'e Rie fan Steat dochs punt fan diskusje wurde, dogge wy rjocht oan dy útspraken.

Resultaat yn 2015: De Sintrale As is folop yn útfiering, wêr't soks nedich is rekken hâldend mei de útspraken fan de Rie fan Steat.

Gebietsûntwikkeling

De oanlis fan 'e Sintrale As likegoed as de N381 binne oanlieding foar in breder proses fan gebietsûntwikkeling. It giet net allinne om it oanlizzen fan wegen, mar om it fierder ûntwikkeljen fan 'e regio's dêr't dy wegen komme sille. Oan 'e iene kant hechtsje wy grutte wearde oan dy brede gebietsûntwikkelingsprosessen.

Oan 'e oare kant twingt de wizige finansjele situaasje ús ta soberens. De oankommende jierren besykje wy om safolle mooglik fan 'e stelde ambysjes te realisearjen.

Resultaat 2015: De gebietsúntwikkeling yn it ramt fan de Sintrale As en de N381 hat laat ta in knap ynpassen fan dy wegen yn har omjouwing

Iepenbier ferfier

De Brede Doelútkearing (BDU) fan it Ryk sil de kommende jierren ôfnimme. Dy útkearing besteegje wy meastepart oan iepenbier ferfier. Dêrmei fergrutsje wy de needsaak om ek de oankommende jierren te sykjen nei nije en betelbere konsepten fan iepenbier ferfier. Yn dat ferbân, en ek as antwurd op krimp, kin kombinaasjeferfier op, benammen, it plattelân faaks (foar in part) útkomst biede: learlingeferfier kombinearje mei it útjaan fan medisinen, sike- en handicapteferfier, besoarging fan biblioteekboeken, pakketten ensfh. Wy ûndersykje de mooglikheden datoangeande, yn 'e mande mei gemeenten.

Wy wolle ek besjen oft busferbinings parallel oan spoarferbinings needsaaklik binne, of dat dy bussen earne oars miskien better tsjinst dwaan kinne. Wy wolle ûndersykje oft 'light rail'-ferbinings ús spoarferbinings fersterkje kinne. Yn algemiene sin stribje wy nei it fierder optimalisearjen fan de (ferbinings op) it hjoeddeisk spoarweinet.

By einsluten sjogge wy nei de mooglikheden om troch werombringen fan it tal konsesjes dat foar iepenbier ferfier ferliend wurdt (gearfoegjen fan konsesjegerbieten) te kommen ta in ferfiersnetwurk dat safolle mooglik gearhing sjen lit. Ofspraken oer duorsumens meitsje diel út fan de nije konsesjes, bygelyks oer brânstofgebrûk.

Resultaat yn 2015: Mei nije konsepten foar iepenbier ferfier en fytsgebrûk is de berikberens fan Fryslân ferbettere.

Spoarline It Hearrenfean - Grins

Konform earder beslútfoarming sette wy yn op it oanlizzen fan de spoarline It Hearrenfean - Grins. Binnen it stelde budzjet noegje wy it bedriuwslibben út om oan te jaan hoe't de line realisearre wurde kin mei útsjoch op in eksploitaasje dy't libbensfetber is.

Resultaat yn 2015: Der is in beslút naam oer it oanlizzen fan de spoarline.

Transport oer wetter

Transport oer wetter is in duorsume oanfolling op of ferfanging fan transport oer de dyk. Dêrom stimulearje en stypje wy it transport oer wetter. Fansels passend by de Fryske skaal en aard. Wy wolle ek besteande farwegen better benutte. Dêrom ûntwikkelje wy yn 'e kommende perioade in nije fyzje op it gebrûk fan farwegen.

Resultaat yn 2015: In nije fyzje op farwegen wurdt ta útfiering brocht.

Ferkearsfeiligens

De ferkearsfeiligens yn Fryslân is de ôfrûne jierren stadichoan ferbettere. Wy hâlde fêst oan ús striben om dy feiligens fierder te ferbetterjen. Dêrfoar gean wy troch mei it stimulearjen en stypjen fan ferkearsfeiligens yn belied en mei jild. Wy jouwe oanduerjend omtinken oan ferkearsedukaasje en it beynfloedzjen fan gedrach.

Resultaat yn 2015: De ferkearsfeiligens is fierder ferbettere.

De digitale snelwei

De mooglikheden fan 'e digitale snelwei binne hieltiten belangriker foar berikberens fan foarsjennings, leefberens, sosjale gearhing en ekonomyske groei. Digitalisearring biedt ek nije kânsen foar wurkgelegenheid op it plattelân. Wy stimulearje dêrom it dien meitsjen fan dy digitale snelwei en it oanbod fan tsjinsten dat dy snelwei de muoite wurdich makket. Mei de oanpak neffens de Digitale Aginda bliuwe wy lanlik koprunner. Wy sille in eigen .frl-ekstinsje realisearje.

Resultaat yn 2015: Der is gâns foarútgong makke mei it ta stân kommen fan de digitale snelwei yn Fryslân.

Natuer en lânskip

Fryslân hat de seine fan in skat oan natuer en fraai lânskip. It hat twa Nasjonale Lânskippen, fjouwer Nasjonale Parken, en it Waad is sels wrâlderfgoed. Mar ek bûten dy gebieten hat Fryslân gruttere en lytsere gebieten fol prachtige natuer. Dy skientme wolle wy bewarje en wêr't dat kin fersterkje, sûnder agraryske aktiviteiten of oare ekonomyske dynamyk 'op slot' te setten.

Wy hechtsje bot oan de Fryske natuer. Troch omfangrike besunigings fan it Ryk op it ynvestearingsbudzjet lanlik gebiet (ILG) kinne wy net oars as ús ynspannings oangeande natuer, lânskip en lânboustruktuer yn lykwicht te bringen mei de mindere mooglikheden. Temporisearring betsjut net dat de provinsje har ambysjes sjitte lit. Natuer en romtlike oardering hearre net allinne ta de provinsjale kearn-taken, wy fiele de ferantwurdlikheid foar de Fryske natuer en in knappe romtlike oardering ek as ien fan ús alderwichtichste taken. Wy sille trochgean mei it ynsetten fan provinsjale middels foar natuer, greidefûgels en robúste ferbiningssoes.

By foarkar diele wy de soarch foar de Fryske natuer en it Fryske lânskip mei oaren. In ûntjouwning dêr't wy dan ek tige wiis mei binne, is it mienskiplik foarnimmen fan ferskate partijen dy't aktyf binne yn it lanlik gebiet en fertsjintwurdige binne yn de Provinsjale Kommisje Lanlik Gebiet (PCLG). De partijen stelle mei-inoar in manifest op. Dat manifest sil foar ús it útgongspunt wêze by ús hanneljen.

Ek ynhâldlik sille wy fierder stribe nei ferbreiding troch it ûnderbringen fan natuerûntwikkeling yn yntegrale gebietsûntwikkeling.

Resultaat yn 2015: Natuer en lânskip binne mei provinsjale middels fersterke.

Lânbou

Fanâlds ha boeren in grutte bydrage levere oan it foarmjen fan it wurdearre Fryske lânskip. De lânbousektor bliuwt in belangrike partij yn it stal jaan en behearen fan it Fryske lânskip. Wy stribje nei in goede balâns tusken lânbou en natuer, dêr't sawol de gongbere as de biologyske lânbou in wichtige bydrage oan leverje kinne. Neffens ús is der mear yntegraliteit mooglik en winsklik; yn lânbougebieten kin ek de natuer kânsen krije. Om it âld ferbûn tusken lânbou en natuer te fersterkjen, moat de lânbou de kâns krije om op in oare wize te buorkjen. By sa'n oare wize fan buorkjen kin in grutter belang fan agrarysk natuerbehear hearre, of biologyske lânbou, it leverjen fan grien-blauwe tsjinsten of it fergrutsjen fan it belang fan alternative ynkomeboarnen lykas soarch en rekreaasje. Ek de ûntwikkeling fan streekprodukten fertsjinnet provinsjale stipe.

As skaalfergrutting needsaaklik is om bedriuwen sûn te hâlden, dan wolle wy dêrfoar binnen in beskaat ramt (bygelyks wolwêzen fan bisten, folkssûnens en lânskip) romte biede. In knap, op griene wize ynpassen fan bedriuwen yn 'e omjouwing is dan al needsaaklik. Dêr binne al moaie foarbylden fan (Nije Pleats).

Yn it neijier fan 2011, as de lanlike diskusje oer dit ûnderwerp dien is, komme wy mei in stânpunt oangeande skaalfergrutting yn 'e lânbou en yntinsive feehâlderij. Oant der datoangeande besluten naam binne, sille wy gjin meiwurking jaan oan oanfragen foar grutskalige lânboubedriuwen en/of yntinsive feehâlderij.

Neist swierrichheden troch de kombinaasje fan take-oerdracht en ôfnimmende ryksmiddels, biedt de nije perioade ek kânsen. De Europeeske Uny besjocht har mienskiplik lânboubelied op 'e nij. Bedriuwen wurde better beleanne foar duorsume, ynnovative en konkurrearjende lânbou. Prestaasjes op it stik fan natuer (dêrby ek agrarysk natuerbehear), miljeu, fergrienen (griene enerzjy), wolwêzen fan bisten of lânskipsbehear smite mear op foar boeren. Soks biedt nei 2014 nije kânsen, dy't wy aktyf gripe sille. 90% fan 'e Fryske lânbouwers hâldt him dwaande mei melkfeehâlderij. Foar dy bedriuwstûke lizze der nije kânsen yn ûnder oaren duorsum opwekken fan enerzjy. Wy sille harren stypje yn it gripen fan dy kânsen. Ek yn it nasjonaal regearakkoart is der ekstra omtinken foar de ekonomyske kant fan 'e lânbousektor.

Resultaat yn 2015: De lânbousektor is fierder ferduorsomme en noch aktiver as lânskipsbehearder.

Miljeu

Fryslân is in skjinne provinsje. De kwaliteit fan it Fryske leefmiljeu is heech en is dêrmei in wichtich fûnemint foar de duorsume ûntwikkeling fan ús provinsje. Wy fersekerje én fersterkje de kwaliteit fan it Fryske leefmiljeu. Us ambisjeuze doelstelling is dat al it skealik ûntlûken en tafoegjen oan it Fryske leefmiljeu yn 2030 ferballe is. Wy wurkje lâns trije spoaren oan dy doelstelling:

- Fia tûk miljeubehear wolle wy knyppunten oplosse, skjin hâlde wat skjin is en yn in ier stadium eventuele nije knyppunten sinjlearje en oanpakke.
- Wy sette derop yn dat duorsume ynnovaasjes ûntwikkele, demonstrearre en tapast wurde om foarrieden yn 'e leefomjouwing op ferantwurde wize benutte te kinnen

en om produksjeprosessen sa yn te rjochtsjen dat wy skealike tafoegings oan dy leefomjouwing út 'e wei gean kinne. Dêrfoar lizze wy ferbinings tusken bedriuwen, oerheden en (kennis)ynstellingen.

- Wy bouwe oan in duorsume maatskippij troch maatskiplike partijen te stimulearjen om duorsume beslútfoarming nei te stribjen. Wy inisjearje foarbyldprojekten (ek yn ús eigen bedriuwsfiering), jouwe helpmiddels en stypje it útwikseljen fan kennis en 'best practices'.

Resultaat yn 2015: It skealik ûntlúken en tafoegjen oan it Fryske leefmiljeu is fierder beheind.

Duorsume enerzjy

Wy sjogge in grutte takomst foar Fryslân op beskate mêden fan duorsum enerzjy-opwekken. Der is yn Fryslân in bulte kennis en saakkundigens op it stik fan duorsume enerzjy út wyn, sinne, swiet en sâlt wetter, ierdwaarmte en biomassa. As it giet om it ûntwikkeljen fan mooglikheden foar duorsume enerzjy út wetter (blauwe enerzjy) sit Fryslân al yn 'e ynternasjonale foarhoede. Yn dat ljocht stribje wy dernei om sa gau mooglik in proeflokaasje foar Blue Energy te realisearjen op 'e Ofslútdyk. Ek foar oare foarmen fan duorsume enerzjy, lykas wyn- en sinne-enerzjy, biedt it projekt Ofslútdyk kânsen.

Wy wolle de betingsten kreëarje om ynnovative ûntwikkelings ta bloei komme te litten. Net troch subsydzjes, mar troch it stypjen fan ynnovaasjes. Dêrta stribje wy nei it fergrutsjen fan it besteande Fryslân development fund (nei in breed 'dochfûns'), en wolle wy dat duorsume ynnovaasjes in grutte rol spylje by it útjaan fan de middels út dat fûns.

Wy stimulearje it brûken fan duorsume enerzjyboarnen lykas ierdwaarmte, sinne-enerzjy, reststoffen en it fergêstjen fan grienôffal yn 'e lânbou. Wy sjogge ek in foarbyldfunksje foar de provinsje dêr't it giet om it ûntwikkeljen fan duorsume technologyen en wy sjogge in grutte takomst yn desintraal enerzjyopwekken. Wy sille ús hurd meitsje foar it fersekerjen fan it plak fan duorsume enerzjy yn Noard-Nederlân yn it lanlike (ekonomyske) Topgebieten-belied.

Noch better as it duorsum opwekken fan enerzjy is it om minder enerzjy te brûken. Neist it stimulearjen fan nije technologyen foar duorsum enerzjyopwekken sette wy dan ek fierder yn op enerzjybesparjen. Dêr't wy provinsjaal ISV-jild ynsette, moat enerzjybesparjen in wichtige betingst wêze.

Wy wolle al yn 2012 in millenniumprovinsje wêze, en yn 2015 in Fair Trade-provinsje.

De provinsje sil it inisjatyf nimme ta it oprjochtsjen fan de Enerzjy Koöperaasje Fryslân. De enerzjy maatskippij EKF hat as doel om duorsume en betelbere enerzjy te stimulearjen en te produsearjen. Wêr't soks kin, wol de EKF gebrûk meitsje (litte) fan ynnovative techniken foar it opwekken fan dy enerzjy. Boargers sille dêryn partisipearje kinne.

Wy gean oer op duorsume enerzjy dy't altiten oanfolle wurde kin. In ûnderdiel fan dy oergong is de enerzjymiks, dêr't wynmûnen op see en op lân diel fan útmeitsje.

Wy wolle mear opbringst mei minder nije wynmûnen op net mear as in pear plakken yn 'e provinsje. In wynmûnepark by de Ofslútdyk moat it grutste part fan de Fryske ambysje realisearje. Fierder sille der út Flevolân wei wynmûnen ferskine yn it Fryske part fan 'e Iselmar. As lêste biede wy romte foar in opskalingskluster op 'e kop fan 'e Ofslútdyk en by de grutskalige ynfrastruktuer fan it klaverblêd by It Hearrenfean. De oare gebieten slute wy út fan wynmûnen.

It oprêden fan âlde mûnen dy't net goed rendearje is – ek by ryksprojekten fan 100MW en mear – in betingst foar it pleatsen fan nijen en biedt de notiidske eigners fan wynmûnen de mooglikheid om dêryn te partisipearjen.

By nije wynmûneklusters ûndersykje wy (op hokker wize) oft oerheden, boargers en it maatskiplik middenfjild partisipearje kinne.

Resultaat yn 2015: Fryslân produsearret op ûnderskate wizen op substansjeel nivo skjinne enerzjy.



Nije enerzjy foar de ynwenners

It sosjaal domein en de soarch

Wy erkenne dat it sosjaal domein benammen it domein fan 'e gemeenten is. Wy sjogge ús rol dan ek benammen as oanfoljend op dy fan de gemeenten, en de rol fan it sosjaal belied binnen ús belied as oanfoljend op oare beliedsmêden. Us beslút om it sosjaal domein ûnder te bringen by oare beliedsmêden betsjut dat wy de oankommende perioade gjin selsstannich belied mei byhearrende aparte budzjetten formulearje sille, mar dat wy de sosjale komponint ynbringe yn ús formulering en útfiering fan oar belied.

In belangryk mêd dêr't it sosjaal domein ek aanst noch in prominente rol op spylje sil, is dy fan ús oanpak fan 'e demografyske ûntjouwings, of 'krimp'. As provinsje wolle wy by in befolking dy't op plakken weromrint en oeral fergrizet de leefberens behâlde en leafst ek fersterkje. Dêr belûke wy fansels ek sosjale aspekten by. Wy wolle it ta stân kommen fan plannen foar it sprieden fan regionale foarsjennings dêr't ek foarsjennings foar soarch en wolwêzen by hearre, stypje. Yn 'e mande mei de gemeenten gean wy troch mei it stypjen fan doarpshuzen en multyfunksjonele sintra.

Wy wolle (ek aanst) ús stypjende rol foar gemeenten stal jaan troch kennis oan te bieden, trends, problemen en kânsen te sinjlearjen en te agindearjen. Wêr't nei ús idee swierrichheden of kânsen te lang lizzen bliuwe, nimme wy út en troch ek in oanfiterjende rol op ús, oant de partijen 'dy't der eins oer gean' dy rol fan ús oernimme.

Soarch is gjin provinsjale kearn taak. Mar op ûnderdielen wolle en kinne wy in sinfolle bydrage leverje, om te helpen om it 'Mei-inoar' yn Fryslân te stypjen. Wy stypje in sterke kliïntefertsjintwurdiging yn 'e soarch. Ek is de soarch de kommende jierren in wichtige banemotor. Om dy banemotor knap draaie te litten, sjogge wy in taak foar ússels om de arbeidsmerk goed funksjonearje te litten.

Resultaat yn 2015: It sosjaal domein is by de provinsje net mear formulearre yn selsstannich belied, mar yntegraal ûnderdiel fan oare beliedsfjilden.

Jeugdsoarch

It kabinet hat besletten om de jeugdsoarch oer te bringen nei de gemeenten. Us útgangspunt is dêrby dat de oerheid bern en harren âlden goed en fluch helpt. Wy soargje foar in knappe oerdracht, wêrby't de oerheid itjinge dat oant no ta berikt is, fersekeret en ferbetteret. Fierder soargje wy derfoar dat bern yn de oerdracht sintraal stean bliuwe, yn stee fan ynstitúsjes of struktueren. Salang't de oerdracht oan gemeenten net plakfûn hat, gean wy troch mei aktyf te stribjen nei fierdere ferbetterings yn 'e jeugdsoarch. Dat dogge wy troch yn oparbeidzjen mei de gemeenten fia de Sintra foar Jeugd en Gesin te stribjen nei bettere en fluggere help; wy dogge dat troch it gearwurkjen yn 'e twadde line fierder te ûntwikkeljen, sadat wy bern flugger en better helpe kinne. Mar ek troch de krêft fan âlden en opfieders mear te brûken yn Eigen Krêft Konferinsjes.

Resultaat yn 2015: De jeugdsoarch is fierder ferbettere en ree foar in ferantwurde oerdracht oan gemeenten.

Sport

Sport draacht by oan ús Bruto Nasjonaal Lok en kin soms ek fan (grutte) ekonomyske betsjutting wêze. It stimulearjen fan breedtesport is yn essinsje in gemeentlike taak. Wy sjogge al in rol foar ússels weilein yn it fersterkjen fan regionale gearwurking, ûnder oaren fia it Olympysk plan, en it stypjen fan gemeenten. Fryske sporten lykas keatsen, fierljeppen, Frysk damjen en skûtsjesilen kinne ek de kommende jierren rekkenje op provinsjale stipe.

Thialf is fan grut belang foar Fryslân; dêrom fine wy dat der meikoarten in kar komme moat foar de takomst fan Thialf dy't laat ta behâld fan de A-status. Wy binne ree om mei te yvestearjen yn nijbou of ferbouwing oan Thialf, as al least oantoand is dat de eksploitaasje slutend is en it bedriuwslibben reewillich is om in wichtige rol te spyljen. Oerheden spylje gjin rol yn 'e eksploitaasje fan Thialf.

Resultaat yn 2015: It beslút dat oer Thialf naam is en dat laat ta it behâlden fan de A-status, is yn útfiering.

Taal en kultuer as kearntaal

Taal en kultuer binne wêzentlike eigenskippen, dy't bydrage oan de eigen identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. Dêrom wol de provinsje de Fryske identiteit fersterkje en mear sichtber meitsje. Wy beskôgje it stimulearjen fan 'e Fryske taal en kultuer as in kearntaal fan de provinsje.

Taal

De provinsje Fryslân is offisjeel in twatalige provinsje, dêr't it Nederlânsk en it Frysk neistinoar har plak ha. Meartaligens betsjut in ferriking fan minsken en harren mienskip. It Ryk en de provinsje drage mei-inoar de ferantwurdlikheid foar it behâld en it stimulearjen, mei de gemeenten, fan it Frysk. Neist it Frysk sette wy ús ek yn foar de streektalen.

Wy sette ús derfoar yn dat yn 'e taalwet it Nederlânsk en it Frysk yn 'e provinsje Fryslân as lykwaardige en lykberjochtige talen jilde yn alle sosjale domeinen. By de oerdracht fan foegen oangeande it Frysk fan it Ryk nei de provinsje sette wy yn op it foech om yn Fryslân ûnderwiiskundige kearndoelen foar it Frysk fêst te stellen. Wy wolle in trochgeande line fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal oant en mei it akademysk ûnderwiis berikke.

Wy sille yn de kommende perioade yn oerlis mei it fjild in plan ûntwikkelje om in 'Stipepunt Taal 2.0' te realisearjen, dat mooglikheden jout om de posysje fan it Frysk te fersterkjen.

Om't it belangryk is dat it Frysk himsels allegeduerigen fernijt, stimulearje wy eigentiidske Fryske kultueruterings en meitsje wy jongerein der entûsjast foar dat meartaligens in folslein normale situaasje is.

Frysk wurdt net allinne praat yn Fryslân, mar ferbynt ús ek mei Frysktalige gebieten bûten Nederlân, en de Friezen om utens. De kontakten mei sokke Fryskpraters en praters fan oare minderheidstalen yn it bûtenlân fine wy tige weardefol en wy sille dy fierder útbouwe.

Resultaat yn 2015: De Fryske taal hat in stevigere posysje yn de Fryske Mienskip.

Kultuer

Njonken in eigen taal hat Fryslân syn eigen histoaryske en kulturele skaaimerken, dêr't de grutte niget oan (amateur)kultuer, lykas iepenloftspullen, korpsen en koaren, mar ek de Fryske literatuer by hearre.

Wy kieze as provinsje bewust foar kulturele kearnwearden en kearnkwaliteiten dy't fan boppelokaal belang binne. Wy rjochtsje ús op it beweitsjen, ûntwikkeljen en ta stân bringen fan gearhing tusken de kulturele foarsjennings op boppelokaal nivo. De seis regionale kearnen drage by oan it realisearjen fan de provinsjale kulturele doelstellings yn 'e regio. It behâld fan kultureel erfgoed en monumintesoarch bliuwe wichtige taken fan de provinsjale oerheid.

Wy wolle Fryslân kultureel noch better op 'e kaart sette, binnen de provinsje sels, mar ek nasjonaal en ynternasjonaal. Ien fan 'e wichtichste wizen om it each fan Europa mear op Fryslân rjochte te krijen, is ús kandidatuer foar Europeeske Kulturele Haadstêd yn 2018. Mear noch as it berikken fan dy status sels is it paad dêrhinne wichtich foar ús. Dat paad biedt in grutte kâns om in nije ympuls te jaan oan kultuer yn Fryslân, om ús ynwenners noch mear dielnimme te litten oan dy kultuer, om talint fierder te ûntwikkelfjen, om nije doelgroepen nei Fryslân te heljen en om de gearwurking binnen en bûten it kulturele fjild (fierder) te fersterkjen. Kultuer is ien fan de betingsten foar in sûn en oantreklik provinsjaal fêstigingsklimaat. Dêrneist is de Fryske kultuer net allinne weardefol foar de ynwenners fan Fryslân, mar ek út toeristysk perspektyf fan grut belang. Wy sette dêrom yn op fierdere fersterking fan it kultuertoerisme.

Yn Fryslân foarmet it lânskip gauris it dekôr foar kultueruterings. Wy sille de oankommende jierren de keppeling tusken it Fryske lânskip en de kultuer noch fierder fersterkje.

Yn 2012 is it nije Frysk Museum oan it Saailân yn Ljouwert klear. Wy wolle in bydrage leverje oan in oansprekkende iepeningsútstalling, dy't besikers út binnen- en bûtenlân lûkt; as oanrin nei in groeiende groep besikers dy't ús nije museum wurdearje sil.

Wy ûnderkenne de needsaak foar in Depot Fryslân. Yn dizze steateperioade dogge wy dêr útstellen foar.

Resultaat yn 2015: Kultuer en taal yn Fryslân ha in ympuls krigen op wei nei ús rol as Europeeske Kulturele Haadstêd yn 2018.

3

Nije enerzjy foar de ekonomy

Stimulearjen fan ynnovaasje op ús sterke punten

Yn ús ekonomysk belied bliuwt wurk fan eminent belang. Dêrneist is de ôfrûne jierren it belang fan ynnovaasje tanaam. Fernijing is needsaaklik foar it kreëarjen en behâlden fan (heechwaardich) wurk. Om allinne op de kosten te konkurrearjen is foar in ûntwikkele ekonomy in dearinnend paad. Fernijing, it betinken fan nije dingen of tûke nije wizen om besteande dingen te dwaan, is essinsjeel om ús as Fryske ekonomy hanthavenje te kinnen yn in hieltiten fierder globalisearjende ekonomy mei fluch opkommende ekonomyske machten. Dêrom sette wy yn ús belied benammen yn op it stimulearjen fan ynnovaasje op guon spearpunten dy't wichtich binne foar Fryslân (de sterkten fersterkje). Dat binne wettertechnology, duorsume enerzjy, agri-business, metaal, soarchekonomy en toerisme en rekreaasje. Foar dy spearpunten sette wy ús yn om klusters en ynnovaasjes ta stân te bringen. Wy sille dy sterke Fryske sektoaren ek helpe om oansluting te krijen by it lanlik Topgebieten-belied dêr't it kabinet op ta wol.

De ûntwikkeling fan ekonomyske dynamyk by in ynternasjonaal topynstitút lykas Wetsus, en it fierder útbouwen en ferankerjen dêrfan, mei ynbegryp fan de Wettercampus dy't ûntwikkele wurde sil, fertsjinnet langduorjende provinsjale stipe. Om sokke inisjativen te stypjen stelle wy in revolvearjend ynnovaasjefûns yn (sjoch ek by Nije enerzjy mei minder jild).

Resultaat yn 2015: De Fryske ekonomy is fersterke, ferbrede en fernijd.

Duorsume groei

Wy fine it berikken fan duorsume ekonomyske groei like wichtich as it stimulearjen fan fernijing binnen de spearpunten fan de Fryske ekonomy. Duorsumens is net allinne in wichtige rânebetingst dêr't wy ekonomyske aktiviteiten út wei beoardielje wolle, mar it is ek in stribjen dêr't winstjaande ekonomyske aktiviteiten út fuortkomme (bygelyks troch it fersterkjen fan in 'biobased economy'). Duorsumens smyt groei en wurk op. Wy wolle dêrom benammen fernijings stypje dy't har rjochtsje op duorsumens. By alles wat wy dogge, sille wy de balâns tusken ekonomy en ekology beweitsje.

Wy sille duorsume ûntwikkeling ek yn ús eigen bedriuwsfiering sintraal stelle. Om in leauweardige gearwurkingspartner fan 'e Fryske Mienskip te wêzen én te bliuwen, litte wy duorsumens swier meiwage by it ynkeapjen fan tsjinsten, leverings en wurken. Wy sette yn it bysûnder yn op it opwekken en tapassen fan duorsume enerzjy en op it duorsum (wer)brûken fan duorsume materialen.

Resultaat yn 2015: De trije p's fan duorsumens (people, planet en profit) binne it útgongspunt foar it totale provinsjale belied. Wy binne al yn 2012 in millennium-provinsje en yn 2015 in Fair Trade-provinsje.

Midden- en lytsbedriuw

It midden- en lytsbedriuw is de trúnjende krêft fan 'e Fryske ekonomy (goed 90% fan it Frysk bedriuwslibben falt ûnder it midden- en lytsbedriuw). Mar lytse en middelgrutte bedriuwen misse somtiden de middels om harren ideeën foar ynnovaasje, it oanboarjen fan nije merken of it trochûntwikkeljen fan produkten útfiere te kinnen. Dêrom wolle wy dat, mei klam, ek it midden- en lytsbedriuw profitearje kin fan it revolwearjend ynvestearingsfûns dat oprjochte wurde sil foar it konkretisearjen fan ynnovaasje en trochûntwikkeljen.

Resultaat yn 2015: De posysje fan it midden- en lytsbedriuw is fersterke.

Ekonomyske fersterking fan gebieten

Yn it notiidsk kearnsônebelied is sterk ynset op de A7-sône en de Westergoasône. De kearnen bûten dy sônes binne sadwaande ûnderbeljochte rekke. Dêr wolle wy ek ferbettering yn oanbringe:

- De Lege Midden fan Fryslân moat in fersterkjende ympuls krije, benammen as it giet om rekreaasje en toerisme.
- De regio stêd Dokkum hat yn Noardeast-Fryslân in sintrale posysje. Dy posysje kin fierder fersterke wurde. De Aginda Netwurk Noardeast biedt dêr in goed ynstrumint foar.
- Gebiertsrjochte wurkjen is by de struktuerfersterking fan hiel Fryslân absolute needsaak. Op koarte termyn komme wy mei in nota oer ús ekonomysk belied dêr't it giet om de wize dêr't wy de struktuer fan de Fryske ekonomy op fersterkje wolle.
- Ljouwert is de haadstêd fan 'e provinsje mei in ekonomyske útstrieling dy't fier oer de gemeentegrinzen rikt. Ljouwert is de Fryske banemotor en moat dat ek

bliuwe. Wy sette der dêrom fol op yn om (troch te gean mei) hannen en fuotten te jaan oan de besteande gearwurking op mêden lykas ynfrastuktuer, ûnderwiis, ekonomy en kultuer.

Resultaat yn 2015: De Fryske ekonomy is oer de hiele breedte fersterke.

Rekreaasje en toerisme

Op it mêd fan rekreaasje en toerisme hat de provinsje sterk ynset op it Fryske Marren Projekt. Dy line sette wy troch. Mar rekreaasje en toerisme is mear as Fryske Marren. It biedt kânsen foar hiel Fryslân, wêrby't de sterke kânten fan eltse krite beklamme wurde moatte. Rekreaasje en toerisme kinne ek ekstra dragers wêze foar foarsjennings en sadwaande leefberens op it Fryske plattelân.

Resultaat yn 2015: Rekreaasje en toerisme yn en nei Fryslân binne tanaam.

Europa

Ek yn 'e takomst spylje wy yn op de Europeeske ambysjes op it stik fan ynnovaasje en de wurkgelegenheid, duorsumens, gearwurking en netwurkfoarming tusken de Europeeske regio's dy't dêrút fuortkomme. Sa gean wy troch mei it benutten fan kânsen op Europeesk meifinansierjen foar it útfieren fan ús beliedsdoelstellings. In struktuerfersterking fan 'e Fryske ekonomy dy't yntegraal oanpakt wurdt yn stee fan te berêsten op 'losse projekten' bliuwt ek yn 'e kommende perioade wichtich om de Fryske ekonomyske krêft en leefberens te befoarderjen.

Resultaat yn 2015: Europa draacht substansjeel by oan it berikken fan 'e struktuerfersterking fan 'e Fryske ekonomy.

Bedriuweterreinen

Omreden fan 'e ôfnimmende befolkingsgroei likegoed as it feroarjend karakter fan it bedriuwslibben sille der yn Fryslân amper of sels gjin nije bedriuweterreinen nedich wêze. Wy hâlde der tafersjoch op dat der allinne by uterste needsaak nije bedriuweterreinen by komme. Soks betsjut net dat wy gjin opjefte op dat mêd sjogge. Besteande âldere bedriuweterreinen wachtsje op revitalisearring, werstrukturearjen en ferduorsumjen.

Resultaat yn 2015: Besteande bedriuweterreinen binne ferbettere, der binne amper nije bedriuweterreinen oanlein.

Underwiis

Yn in ekonomy dy't mear en mear op kennis linet, is ûnderwiis fan grut belang. Dat belang nimt allinne mar ta. Fryslân kin allinne mar útgroeie ta in ynnovative topekonomy as ek it middelber en heger ûnderwiis ta de top fan Nederlân hearre sille. Hoewol't de soarch foar ûnderwiis net in primêre provinsjale taak is, sjogge wy dochs in wichtige rol foar ússels weilein, as gefolch fan ús taak yn it stimulearjen fan 'e regionale ekonomy. Sa fine wy as provinsje de oansluting tusken ûnderwiis

en arbeidsmerk fan grut belang, in oansluting dy't better kin. Dêrta wolle wy in provinsjaal oerlisorgaan oer it ôfstimmen tusken ûnderwiis en arbeidsmerk ynstelle. Ek leverje wy as in organisaasje dy't staazjes biedt in bydrage oan sok ôfstimmen.

Dêrneist is it ûnderwiis fan grut belang foar de Fryske kennis- en ambachtsekonomy. Om dy kennisekonomy te fersterkjen en jongerein yn Fryslân takomstperspektyf te bieden, stribje wy nei ferbettering fan it oanbod fan hbû- en akademyske opliedings. De University Campus Fryslân (UCF) hâldt dêrom oer alle boegen ús stipe. Dêrby lizze wy it swiertepunt by opliedings dy't goed oanslute op de ynnovative spearpunten fan 'e Fryske ekonomy, lykas wetter, duorsume enerzjy, griene 'life sciences' en lânbou, en de ûnderwerpen meartaligens, toerisme en leefberens, dy't foar Fryslân sa wichtich binne.

Ek sille wy mear as yn it ferline it ûnderwiis en ûndernimmers ynspirearje en stimulearje om gear te wurkjen. Dêrom stypje wy inisjativen dy't kennis en it bedriuwslibben byinoar bringe, lykas de kennis-, wetter- en lânboucampus. De fierdere ûntwikkeling dêrfan pakke wy yn 'e mande mei gemeenten, ûnderwiis en bedriuwslibben op.

De kwaliteit fan de Fryske basisskoallen wie in pear jier tebek oanlieding ta soarch. De provinsje is dwaande om dêr fia it projekt Boppeslach ferbettering yn oan te bringen, mei sukses. Wy sette oant 2015 troch mei Boppeslach, ynklusyf it fersekerjen dêrfan, en hâlde dêrby fêst oan de oarspronklike doelen: ûnderwiiskwaliteit en yntegraal taalbelied. Dêrneist ferheegje wy it tal trijetalige skoallen en meartalige pjutteboartersplakken/bernedeiferbliuwen. Wy biede safolle mooglik bern de kâns om har meartalich te ûntwikkeljen, sadat se yn 'e takomst optimaal meidwaan kinne yn ús meartalige maatskippij.

Neist kwaliteit fan it ûnderwiis spilet ek de beskikberens dêrfan, bygelyks yn perioaden fan krimp, in grutte rol. Wy bliuwe as provinsje skerp op in knappe sprieding fan ûnderwiisfoarsjennings, en sille (gearwurkjende) gemeenten dêrby stypje.

Resultaat yn 2015: De kwaliteit fan it basis- en heger ûnderwiis, en de oansluting fan it ûnderwiis op 'e arbeidsmerk, binne ferbettere.

Promoasje fan Fryslân

Yn 'e kommende jierren wolle wy Fryslân net allinne ekonomysk sterker meitsje, mar ek al datjinge dat it te bieden hat ekstra ûnder it omtinken bringe. Troch in fersterke regiopromoasje kreëarje wy in unifoarm en takomstbestindich byld fan Fryslân. Us kandidatuer foar Europeeske Kulturele Haadstêd yn 2018 en de kampanje Fan Fryslân binne oansprekkende foarbylden fan regiopromoasje.

Resultaat yn 2015: It byld fan Fryslân is fersterke.

4

Nije enerzjy foar it iepenbier bestjoer

Provinsjale taken

De provinsje is in oerheid mei in iepen húshâlding, dy't ús yn steat stelt om slachfeardich en fleksibel op maatskiplike fraachstikken yn te spyljen. Dy iepen húshâlding wolle wy behâlde. Soks nimt net wei dat in effisjinte en effektive ynrjochting fan it Nederlânsk iepenbier bestjoer baat hat by oerheden dy't har benammen rjochtsje op saken dêr't hja sterk yn binne en de measte mearwearde yn ha. Wy wolle, as provinsje Fryslân, operearje en ús profilearje op ús wetlike taken en op sokke taken dy't har omreden fan harren aard en boppelokaal skaalnivo liene foar in provinsjale oanpak.

Wy binne derfoar om taken sa desintraal mooglik del te lizzen (lokaal, as alteast net...). Oan 'e iene kant betsjut soks dat wy aktiviteiten dy't wy oant no ta as provinsje útfierden, mar dy't eins earder by gemeenten hearre, dêr ek dellizze wolle. Oan 'e oare kant sjogge wy romme mooglikheden om rykstaken te desintralisearjen nei de provinsjes. Dat lêste stribbet it Ryk ek nei. De desintralisaasjekoartings dy't dêrmei anneks binne, wize wy krêftich ôf. By desintralisaasje nei gemeenten stribje wy nei desintralisaasje op maat.

As primêre kearntaken fan 'e provinsje sjogge wy taken as de regy op it fysyk domein (ynfrastruktuer, wetter en romte), it oanjeien en fasilitearjen fan 'e regionale ekonomy en dêroan keppelen it heger ûnderwiis, en it stimulearjen fan 'e Fryske taal en kultuer.

Ynsidinteele kinne wy op mêden dêr't wy in tydlik provinsjaal belang sjogge – ek al hearre se net ta de boppeneamde kearntaken – dochs in tydlike oanfiterjende en stimulearjende rol ferfolje.

Bestjoersakkoart

Der wurdt wurke oan in bestjoersakkoart tusken Ryk, provinsjes, gemeenten en wetterskippen. Dat akkoart op haadlinen moat de haadrjochting fan desintraalisaasje fêstlizze. Dêrnei folget foar elts 'ûnderdiel' (ûnderhanneling oer) in neiere útwurking. Yn har ynset foar it Bestjoersakkoart borduert it IPO fierder op 'e resultaten fan it rapport fan de kommisje Ladders en it Profyl Provinsjes dat dêrop basearre is. De ynset fan it IPO omfiemet ûnder oaren behâld fan 'e iepen provinsjale húshâlding; behâld fan in eigen provinsjaal belestinggebiet; desintraalisaasje fan taken nei provinsjes méi – safolle mooglik – de byhearrende middels. Wy ûnderskriuwe dy ynset. Wy binne al fan betinken, soks mei it IPO, dat der earst dúdlikheid oer en ynstimming mei it nije ferdielmodel foar it Provinsjefûns wêze moat, ear't wy ús hân sette ûnder in Bestjoersakkoart.

Gearwurkingsferbân Noard-Nederlân

Fryslân is en bliuwt in unike provinsje mei in sterke eigen identiteit. Ut dy sterke identiteit wei hâlde wy ek bestjoerlik de finsters iepen en wurkje wy gear mei in protte partijen, om't men mei-inoar gauris mear berikke kin. Noardlik wurkje wy gear yn it Gearwurkingsferbân Noard-Nederlân (SNN). Ut de oertsjûging wei dat 1 plus 1 plus 1 mear is as 3, beoardielje wy alle ûnderwerpen op dield belang foar de noardlike regio. It seit himsels dat wy dêrby wol hieltiten skerp de mearwearde fan dy gearwurking beweitsje.

Mei yn ferbân mei tebekrinnende Europeeske en ryksmiddels nimt it útfieringskarakter fan it SNN ôf. De organisaasje fan it SNN kin dan ek slanker en effisjinter. Dochs wolle wy de strategyske aktiviteiten fan it SNN, de belangebehertigings- en lobbyaktiviteiten by Ryk en Europa, fersterkje. Mei-inoar, ek mei grutte stêden lykas Ljouwert, Grins, Assen en Emmen en de stêden yn 'e A7-sône, steane wy sterker, ek noardlik sprutsen.

Resultaat yn 2015: It SNN is effisjinter en slanker wurden.

Gearwurkingsaginda's

Wy fiere de gearwurkingsaginda's mei de gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân mei folle krêft út. Mei Smellingerlân en It Hearrenfean stelle wy gearwurkingsaginda's op. It útgongspunt foar it totaal oan gearwurkingsaginda's is dat de grutte kearnen yn Fryslân har profilearje moatte op har eigen unike identiteit en ekonomyske krêft. Wy sille de fjouwer grutte kearnen útnoegje om mei in mienskiplike fyzje op 'e ekonomyske ûntjouwing fan Fryslân te kommen.

Resultaat yn 2015: De gearwurkingsaginda's mei de fjouwer grutte kearnen yn Fryslân binne folop yn útfiering.

Kosten fan bestjoer en organisaasje

De kommende perioade ûnderwerpe wy as provinsje al ús útjeften oan in krityske blik. Ek de kosten fan it bestjoer, GS en PS en de organisaasje ûnderwerpe wy oan in lanlike ferliking mei oare provinsjes.

Resultaat yn 2015: De kosten fan ús bestjoer en organisaasje binne yn oerienstimming mei dy fan oare provinsjes.

Bestjoerskrêft

As provinsje fine wy it ús taak om as regisseur lykwicht en gearhing tusken de bestjoerlike ûntjouwings yn Fryslân te beweitsjen, oan 'e hân fan it toetsingsramt dat wy formulearre ha. Wy ha primêr in stypjende rol. Yn guon gefallen nimme wy in aktive bemiddelingsrol op ús. Dat bart as gemeenten der ûnderling net goed útkomme. Ek kin soks it gefal wêze út ús fyzje op it bestjoerlik lykwicht yn Fryslân, op de bestjoerlike opjeften yn in gebiet of op ús rol fan (finansjeel) tafersjochhâlder wei. De provinsje leit weryndieling fan gemeenten net op.

Om ynfolling te jaan oan de regyrol om lokale bestjoerskrêft te fersterkjen, is de provinsje úteinset mei in fyzjefoarmingstrajekt foar de takomstige lokaal-bestjoerlike ynrjochting fan Fryslân. Dat hat mei laat ta it ynstellen fan in kommisje fan wize lju, de kommisje Koopmans, dy't op 15 maart har advys presintearre. Wy sille de kommende moannen mei de gemeenten yn oerlis oer de ymplikaasjes fan dat advys foar de lokaal-bestjoerlike ynrjochting fan Fryslân. Dêrby is it referinsjeramt it rapport fan de kommisje, "Mear boarger, minder bestjoer".

Gearwurking tusken gemeenten as middel om bestjoerskrêft te fersterkjen is in mooglikheid. Mar effektive demokratiske kontrôle en oanstjoeren út de gemeentere wei binne problematysker as in gemeente himsels oan allerhanne mienskiplike regelings útleverje moat. Yn dat gefal kin weryndieling in bettere oplossing wêze. As gemeenten kieze foar weryndieling hechtet de provinsje deroan dat de gemeenten foar de ynwenners helder makket wat de winst fan weryndieling is. Ek moatte gemeenten oanjaan dat sa'n foarnimmen op brede stipe fan de befolking rekkenje kin.

Resultaat yn 2015: Der is in dúdlik byld fan 'e bestjoerlike ynrjochting fan Fryslân.

De provinsjale wurkwize

Wy wolle noch mear in oerheid wêze dy't sichtber konkrete resultaten foar Fryslân boekt. Der is al in bulte provinsjaal belied, de kommende perioade wolle wy it aksint benammen op it útfieren fan plannen en programma's lizze. Wêr't wy yn dy útfiering winst boeke kinne troch amtlik gearwurkjen/gearfoegjen mei oare partijen ('shared services'), fine wy dat gearwurking mei oare partijen yn Fryslân út 'e koöperaasjedadachte wei foar de hân leit. Soks is gjin behindering foar de notiidske gearwurking tusken de noardlike provinsjes.

Yn ús wurkwize kieze wy folle mear as earder foar fleksibele wurkwizen, lykas programma- en projektmanagement, yntegrale yn stee fan sektorale beliedsagenda's, ynteraktive 'koöperative' beliedsprocessen, gebietsrjochte wurkjen fia streek-aginda's, tydlike struktueren en (ûntskette) fûnsen. De mear beheinde middels likegoed as ús winsk om in mear ûndernimmende oerheid te wêzen, liede ta in ferskowing fan subsidiearjen nei risikoynvestearings.

Ek wolle wy folle mear as earder oer de grinzen sjen fan sawol de provinsjale organisaasje as de provinsje Fryslân sels. Wy hiene it al oer it yn 'e mande formulearjen fan belied, mar ek yn it útfieren fan belied en ús bedriuwsfiering wolle wy safolle mooglik leare fan en gearwurkje mei oaren. Dat dogge wy troch te sjen nei oare provinsjes, troch gear te wurkjen yn IPO-ferbân, in goede gearwurking mei

gemeenten, it Wetterskip en mei de oare noardlike provinsjes yn SNN-ferbân, troch te sjen wat wy (noch) mear mei regionale ryksagintskippen dwaan kinne. Troch de komst fan 'social media' binne de mooglikheden om te funksjonearjen middenmank de Fryske ynwenners grutter as ea earder. De provinsje kin better sichtber en better berikber wêze. Wy wolle 'social media' noch mear brûke, net allinne as stjoerder, mar ek as ûntfanger.

Resultaat yn 2015: De provinsjale wurkwize is fernijd en tasnien op 'e takomst.

De provinsjale organisaasje

De nije wize fan wurkjen freget om amtners dy't dêrmei omgean kinne. Wy binne as provinsje yn it lokkige besit fan in loyaal, saakkundich en kreatyf amtnersapparaat. De kommende jierren sille wy sawol ús organisaasje sels as de minsken yn dy organisaasje reemeitsje foar de provinsje nije styl. Neffens ferwachting ferlit hast 2/3 fan it personeel de kommende 10 jier de organisaasje, troch pensjonearring of troch nei in oar plak te gean. Dat jout ús de kâns om de feardichheden dy't wy yn 'e takomst nedich ha sawol út de notiidske meiwurkers te heljen as om dy 'nij' yn te heljen, wylst wy tagelyk ta in slankere organisaasje reitsje. Mei de minsken dy't bliuwe en de minsken dy't komme, wolle wy in ynspirearjende, moderne, effisjinte organisaasje meitsje dy't resultaten hellet. Dat dogge wy ek troch in fernijende wurkjouwer te wêzen.

Resultaat yn 2015: De amtlike organisaasje is fiks lytser wurden en jout suksesfol ynfolling oan de nije wurkwize.

De koöperaasje

Wy sille wurkje mei mienskiplike strategyske, dynamyske aginda's. Dy kinne foar beskate tema's provinsjebreed wêze, mar ek betrekking ha op in gearwurkingsaginda tusken provinsje en guon gemeenten. It is essinsjeel dat wy dy yn 'e mande mei oaren opstelle. By it meitsjen fan de ôfspraken mobilisearje wy partijen om meinoar oan dy aginda te wurkjen. It sille 'libjende' aginda's wêze, frekwint oanpast. Foarbylden dêrfan binne de beliedsaginda krimp, de streekaginda's dy't wy ta stân bringe wolle yn 'e ferskate Fryske regio's, en de gearwurkingsaginda's mei de grutte kearnen yn Fryslân.

Resultaat yn 2015: Der binne streekaginda's ta stân kaam foar alle regio's yn Fryslân.

5

Nije enerzjy mei minder jild

Ynvestearje mei ús fermogen

De provinsje set troch mei ynvestearjen yn opjeften dêr't needsaak en in maatskiplike winsk foar bestean. Yn 'e ôfrûne perioade is, ek mei help fan Europeeske en Ryksmiddels, in protte yn gong set dat ek yn dizze perioade fierder syn beslach krije sil. Wy meitsje ek tarissings om dy Europeeske en Ryksmiddels ek foar in nije perioade te fersekerjen.

Wy litte ek dizze perioade it fermogen fan 'e provinsje, binnen it fêststelde ramt, wurkje foar ús provinsje en har ynwenners, troch te ynvestearjen en te partisipearjen yn ûntwikkelings dy't ek op 'e lange doer in fersterking fan 'e provinsje be-tsjutte. In konkreet foarbyld dêrfan is it oantúgjen fan in oandielepakket yn Vitens. Ek sette wy dat kapitaal foar in part om yn in revolvearjend ûntwikkelfûns, as útfieringsynstrumint foar it Frysk ûntwikkelbedriuw, dat provinsjale beliedsdoelen stypje moat. Fia dat fûns wolle wy bygelyks ynvestearje en partisipearje yn saken lykas fêstgoedûntwikkeling yn 'e wettercampus om sa de 'hotspot' wettertechnology kânsen te bieden, of yn duorsume enerzjy lykas biofergêstingsprojekten.

Resultaat yn 2015: Der is in suksesfol revolvearjend fûns ynsteld.

De needsaak om te besunigjen

De provinsjale finânsjes stean ûnder druk: it Ryk jout folle minder jild fia it provinsjefûns en beëiniget of koartet sterk op ferskate rykssubsydzjestreamen (ûnder oaren de ryksmiddels foar lanlik gebiet/natuer). Ek de jildstream út Brussel wei takket ôf. Alles byinoar is der de kommende perioade (folle) minder jild as earder

beskikber foar provinsjaal belied. Wy moatte as provinsje besunigje. Dêrom ha wy strakke útgongspunten foar ús finansjeel belied formulearre.

Wy nimme allinne rykstaken oer as sokke desintralisaasje beselskippe wurdt fan middels. Soberens en doelmjittigens binne de oankommende jierren kearnwurden foar de provinsje Fryslân, yn ús eigen bedriuwsfiering likegoed as wêr't it de middels oanbelanget dy't wy oan oaren útjouwe. Ek sille wy de begruttingssystematyk oanpasse, sadat jierlikse oerskotten net lyktidich foarkomme mei grutte needsaaklike besunigings. Wy rinne de ûnderskate programma's fan 'e provinsje nei op ferâldere belied en jildstreamen dy't net mear effektyf binne. Ek kin de omfang fan 'e finansjele reserves minder wurde. Wy sille it ynhieren fan eksterne saakkundigens sterk beheine. By einsluten wolle wy jild yn 'e útfiering stekke, mear as yn it meitsjen fan nije plannen.

Resultaat yn 2015: De útjeften binne gâns fermindere, ûnder oaren troch minder ynhieren.

Utgongspunten foar ús finansjeel belied

Wy sille de kommende jierren ús ambysjes yn balâns útfiere mei in sûne budzjettêre dissipline. De útgongspunten dêrfoar binne:

- De mearjierrebegrutting is yn lykwicht.
- De strukturele útjeften binne like heech as de strukturele ynkkomsten.
- De reserve dy't frij brûkt wurde kin, bringe wy de kommende jierren werom ta 10 miljoen. Sa kreëarje wy foar dizze perioade in beliedsromte fan 26 miljoen it jier.
- De reserves dy't sa frijkomme brûke wy allinne foar nij tydlik belied.
- Nij struktureel belied wurdt dutsen út (bestande of nije) strukturele ynkkomsten. Bestand struktureel belied wurdt dêrby net sparre (âld foar nij).
- Wy sette maksimaal yn op middels út Europa foar it mei realisearjen fan Europeeske ambysjes (ûnder oaren foar digitalisearring).
- Wy biede noch fan 't jier dúdlikheid oer de wize wêrop't wy omgean wolle mei it provinsjaal fermogen.

Opsinten

Wy wolle foar ús wetlike taken in goede finansjele basis yn it provinsjefûns, en fierder behâld fan in eigen belestingsdomein. Op 't heden foarmje de opsinten ús eigen belestingsdomein. Om't de finansjeel drege tiden net allinne jilde foar ús as provinsjale oerheid, mar ek foar de ynwenners fan Fryslân, kieze wy derfoar om de besteande ôfspraken oer lytse ferheging te respektarjen, mar fierder de opsinten de kommende perioade mei net mear as it ynflaasjepersintaazje te ferheegjen. Pas as bliken docht dat alle oare middels ûnfoldwaande binne om de begrutting slutend te krijen, kin in eventuele ferheging fan 'e opsinten in lêste rêdmiddel wêze.

Resultaat yn 2015: De opsinten binne mei net mear as it ynflaasjepersintaazje ferhege.

It subsidyjebelibied

Wy sille de kommende tiid ús subsidyjebelibied op 'e nij besjen. Wy passe it subsidyjebelibied oan oan de útkomsten fan it oansteande ôfrûnjen fan ús takediskusjes. Wy hâlde de subsidyjes skerp tsjin it ljocht en sette se effisjinter yn. Ek nimme wy ús wurkwize ûnder de loep. Wy besjogge kritysk oft it bondeljen fan jildstreamen of it ferstrekken fan subsidyjes troch treden somtiden net effektiver is. Wy besjogge oft de notiidske ûntfangers fan subsidyje by defynysje de oanwiisde ûntfangers binne of dat oaren dêr mear foar yn 'e beneaming komme. Wy rinne nei oft oare wizen fan omgean mei ús jild (bygelyks mear projektsubsidyjes yn stee fan budzjet-subsidyjes) effektiver binne. Noch fan 't jier sille wy in subsidyjenota fêststelle, dêr't ús nije útgongspunten foar it omgean mei subsidyjes yn oanjûn wurdt.

Resultaat yn 2015: Der is in nij subsidyjestelsel dat rjochte is op 'e takomst en strak tasnien is op it provinsjaal takepakket.

It lân it lân

Ik dream dy yn streamend ljocht fan slinken,
Blinkend leechlân yn leafdesgers en ieuwen
Winkend reid dat rûzet, in wetterfaam
Yn glinsterringen en fyn kristal allyk.

Yn har glimkjende eagen rint in do -
Dyn trinten iepen ik - op in treffen fan
Waarmhertige hannen en eagen ta
Dy't sprekke: Jins dreamen no, jins skiednis skielk.

